

Boeken dy't oanslute by it tema fan de Kinderboekenweek 2019




UNDERBOU:

Mûske is ûnderweis

Lucy Cousins


Stjoer, kuorke, tsjil, ring! ring! Hoe giet Mûske nei hûs? Mei de bus? Sjoch nei de oanwizingen en ried hoe't Mûske derhinne giet. Achter it flapke kinst sjen ast it goed hiest. – *ferskate ferfiersmiddels, Ingelsk: How will you get there, Maisy?*



Tomke leart fytsen

Geartsje Douma

Yana Yu kin al sûnder sydtsjiltsjes fytse en dat wol Tomke fansels ek! At dat mar goed giet....
Printeboekje op rym – *fyts*



Sipkes Alvestêdetocht/Sipke zijn elfstedentocht

Lida Dykstra

Pake Pipermûs docht mei oan de Alvestêdetocht, dat fynt er it moaiste wat der is. Wat er net wit is dat Sipke, syn pakesizzer, stikem yn syn tas krûpt is, want Sipke woe ek sa graach meiride en Fryslân sjen.

Twatalich 'gouden' boekje op rym – *redens*



Sipke sil sile/Sipke gaat zeilen

Lida Dykstra

Pake Pipermûs giet moarns betiid fuort om te silen. Syn pakesizzer Sipke mei net mei. Dêrom bout Sipke tegearre mei Hotske Hazze sels in boatsje fan hout en in lekken fan 'e waskline. Mar de hurde wyn blaast har rjocht op it skûtsjesilen ôf!


Twatalich 'gouden' boekje op rym – *syl/boat, skûtsje*



It aldermoaiste trekkerboek

Dawn Sirett

Fierwei it aldermoaiste trekkerboek. Giest in rûntsje mei op 'e trekker?
Sjoch wat der achter de flapkes sit en harkje nei de lûden dy't der achterwei komme.
Fansels makket de trekker in protte lawaai!
Kartonboek mei 16 flapkes en 5 lûden. Ned.: *Het allermooiste tractorboek, Ingelsk: Chug chug tractor*



Skelte wol in skelter

Joke Scheffer

Skelte wol graach in skelter, mar dat mei net fan heit en mem. Fan Pake wol, mar oft dat goed giet...

In humoristysk printeboek mei in werkenber tema en rike yllustraasjes – *skelter*.



Kom út dy kraan!

Tjibbe Veldkamp

Bern meie net op it bouplak komme, dat wit Bouwe bêst. Op in dei krûpt er al ûnder it stek troch en bestjoert de wals, de semintwein en de kraan. Wêrom docht er dat?

Bekroand mei de sulveren griffel.

Ned.: Kom uit die kraan; wals, betonauto, kraan, plysjeauto



Tûzen wurden


Heather Amery

In printsjewurdboek mei ferskate temasiden oer ferfier.

Der binne details út de grutte plaat helle, dy steane der omhinne mei it wurd derûnder.

Achtern yn is in wurdlist opnommen mei de oersetting yn it Nederlânsk en it Ingelsk.

Ned: De eerste duizend woorden, Ingelsk: First thousand words in English, mar te krijen yn in hiel soad talen...



Mear ynformaasje: www.afuk.frl
websjop.afuk.frl

MIDDENBOU:

Hoe is it yn de romte?

Katie Daynes

Hoe is it eins yn de romte?

Hoe komst dêr en wêr kinst hinne?

Wat dogge astronauten de hiele dei?

Kinne wy libje op Mars?

Hoe kin ik astronaut wurde?

Dat en noch folle mear kinst lêze yn dit prachtige yllustrearre boek, de antwurden fynst achter de flapkes.

Ingelsk: What's it like in space – romteskip



Karlsson fan it dak

Astrid Lindgren

It komt net sa faak foar dat der lytse dikke mantsjes mei propellors op harren rêch en in startknop op de búk boppe op it dak wenje. Sa'n mantsje is Karlsson. En Erik ken net ien dy't minsken sa goed foar de gek hâlde kin as Karlsson fan it dak. Dat rint fansels net altyd goed ôf. Mar wa leaut it no as Erik seit dat Karlsson fan it dak it dien hat?

Ferskynt yn oktober, teaterselskip Tryater makket in krystfoarstelling op basis fan dit boek.

Ned: Karlsson van het dak, Ingelsk: Karlson on the roof – rotorblêden helikopter



Boem is ho!

Anny de Jong

- In auto nimt de binnenbocht.

Hy rekket krekt de karre fan Nynke.

Se krypt de steile berm yn.


Har fingers komme tusken de speaken.

In tel letter...-

In deagewoane groep.

In 'nije' (in opskepperke), in famke yn in rolstoel (mar net silich), in jonkje dat sljocht is op pankoeken, in juf dy't op har jierdei soarget foar in spannende ferrassing en ek noch...

AVI Frysk E4 - rolstoel, auto



Wat in ein!

Jan Schotanus

- Heit sliept as in baarch.

'Hee! Hee! Wekker wurde. Derút. Mûzen.

Mûzen yn de tinte. Wy wolle yn de auto,' sist mem.

'No, famke. Mûskes? Yn de tinte?'

'Derûnder! En gniis net. It is net leuk.'

Wim en Afke wolle graach op fakânsje. Omdat har eigen auto stikken is, hat heit in âlde 'ein' hierd. Heit fynt him prachtich, mar it wurdt wol in hiel oare fakânsje as oars.

AVI Frysk MV4 – auto



Om it hurdst

Jan Schotanus

Flakby de freonen Jaap en Durk komme nije minsken op 'e pleats te wenjen. It famke Ingrid hat in skelter en ek Jaap krijt de langferwachte skelter op 'e jierdei. Wa kin it hurdst by de kuilbulte

AVI E5M6 – skelter, trekker



Mear ynformaasje: www.afuk.frl, websjop.afuk.frl

Boeken dy't oanslute by it tema fan de Kinderboekenweek 2019



BOPPEBOU:


Lindbergh, it grutte aventoer fan in fleanende mûs

Torben Kuhlmann

It libben wie gefaarlik wurden foar lytse mûs. Oeral stiene mûzefallen, leine fijannen op 'e loer en ien foar ien wiene syn mûzefreonen ferdwûn. Mar wêr hinne? Nei Amearika? Doe krige mûs in domdryst plan: hy soe fleanen leare! Dan koe er nei Amearika om syn freonen werom te finen. Nachtenlang wie er dwaande om in fleantúch te meitsjen dat sa'n grutte reis meitsje koe oant syn dream út kaam...

Yn dit bysûndere printeboek mei prachtige yllustraasjes hat de skriuwer en yllustrator syn fassinaasje foar fleantugen en bysûndere masines ferwurke. In wier keunstwurk!

Ned: Lindbergh, het grote avontuur van een vliegende muis, Ingelsk: Lindbergh, the tale of a flying mouse - fleantúch, stoomlokomotyf, skip (emigraasje)



Karlsson fan it dak

Astrid Lindgren

It komt net sa faak foar dat der lytse dikke mantsjes mei propellers op harren rêch en in startknop op de búk boppe op it dak wenje. Sa'n mantsje is Karlsson. En Erik ken net ien dy't minsken sa goed foar de gek hâlde kin as Karlsson fan it dak. Dat rint fansels net altyd goed ôf. Mar wa leaut it no as Erik seit dat Karlsson fan it dak it dien hat? Ien ding is wis: as Karlsson yn de buert is hoechst dy noait te ferfelen.

Ferskynt yn oktober, teaterselskip Tryater makket in krystfoarstelling op basis fan dit boek.

Ned: Karlsson van het dak, Ingelsk: Karlson on the roof – rotorblêden helikopter




In wrâldreis yn 80 dagen

Jules Verne, stripboek

'Jawis', moat Phileas Fogg sein ha, 'men kin hjoed-de-dei al yn tachtich dagen om de wrâld reizgje'.

Huh? sille jim tinke. Dat kin dochs wol yn tachtich óeren?! Ja, no wol, mei fleantugen en sa. Mar anno 1872 wie dat wol oars! Mouterij, stoarm, brânsteapels, ynstoartende brêgen, in jonkfrou yn need, drank&drugs... Alle tûkelteammen dy't in hastige reizger treffe kinne, oerkomme de gentleman Fogg en syn reisgenoaten. Reizgje yn dit spannende stripboek mei op treinen, stoomskippen, sliden en oaljefanten! En fyn, tagelyk mei de 21e-iuwske John en Julia, út oft dizze bekende wrâldreis no fiksje is, of dochs...

Mei treinen, stoomskippen, sliden, oaljefanten...




De skippers fan de Kameleon

Hotse de Roos, stripboek

Hielke en Sietse wenje yn it Fryske doarp Lenten. Op in dei fynt de twilling in âld opdrukker dy't stykjen bleaun is yn de mar achter harren hûs. Mei help fan de motor fan in stikkene auto meitsje se der in sterke boat fan dêr't de fluchste speedboat net tsjin op kin. Dat is it begjin fan in soad aventoeren.

Ned.: De schippers van de Kameleon, boat



Mear ynformaasje: www.afuk.frl, websjop.afuk.frl